

Sa bliid

tekst en muzyk: Geartsje Douma

'k Bin sa bliid mei ús hûn - tsje, it is in skat. 'k Bin sa
bliid mei ús rea - de en swar - te kat. 'k Bin sa
bliid mei ús knyn en ús ka - vi - a. 'k Bin sa
bliid, 'k Bin sa bliid dat wy bis - ten ha.

- 2 'k Bin sa bliid mei myn auto's en mei myn trein.
'k Bin sa bliid mei myn poppe en poppewein.
'k Bin sa bliid mei myn fyts mei it hege stjoer.
'k Bin sa bliid mei it boartersguod yn 'e koer.

Fariaasjes:

- Yn it earste kûplet kinne oare bisten ynfolle wurde, b.g.:
'k Bin sa bliid mei ús geitsje, ús bichje, ús fôltsje, ús hynder ensfh.
- Yn de twadde rigel kinne oare kleuren ynfolle wurde, b.g.:
'k Bin sa bliid mei ús wite en bûnte kat.

Suggestjes:

- De rigels kinne yn wikselsang songen wurde.
- De bern dingen betinke litte dêr't se bliid mei binne.
- Utspylje dat ien bliid makke wurdt mei bisten (knuffels) of kadootsjes.
- Poppekast spylje, b.g.: Jan Klaassen krijt in kadootsje.
- Tekenje, skilderje, of nifelje oer dingen dêr't se bliid mei binne.